



Oan: 'Partij voor de Dieren'
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert, 24 july 2017

Achte Rinie van der Zanden (*fraksjefoarsitter yn de Provinsjale Steaten fan Fryslân*),

De Ried fan de Fryske Beweging stjoert yn foarkommende gefallen minsken en ynstânsjes, dy't har sichtber iepenstelle foar it Frysk in plombrief.

De wize wêrop't de Partij van de Dieren mei in folslein Frysktalich ferkiezingsprogramma neamd 'Plan B' him profilearre op de politike merk op it Waachplein Ljouwert 11 maart lêstlyn, docht de Ried tige deugd.

Der is mar in inkelde fan alle oare lanlike partijen dy't de Fryske taal yn syn ferkiezingsprogramma brûkt, wylst wol út en troch in miening yn 't Nederlânsk oer 'de Fryske saak' etalearre wurdt.

De PvdD hat bygelyks it behâld en it fuortsterkjen fan it bioferskaat heech yn 't findel stean. De taallinguïst Ken Hale formulearre ea: 'It ferlies fan talen makket ek diel út fan in generaler ferlies dat lit wurdt troch de wrâld; nammentlik it ferlies fan it ferskaat yn alles wat der is'. De Ried wol graach it Fryske lûd as ûnderdiel fan dat ferskaat safolle mooglik yn it deistich libben behâlde en dêr't it kin fuortsterkje.

De Ried jout de PvdD dêrom in plom foar it folslein Fryske ferkiezingsprogramma 'Plan B' en lit dat troch dit brief blike.

Nochris alle lof en tank.

Foar de Ried fan de Fryske Beweging
mei achting en freonlike groetnis,

Renze Valk, skriuwer fan de Ried